

SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 41 Reglemint fan Oarder

Rjochte oan DS / lid DS	De Rouwe
	Problemen TopDutch
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	De ôfrûne moannen hawwe der tal fan media-berjochten ¹²³ west dat der grutte problemen wienen by de organisaasje fan de TopDutch kampanje. Yn de media kaam it byld nei foaren dat de kampanje hielendal net goed rint troch ynterne strideraasje by de reklame-buro's. De FNP-fraksje hat ynformaasje dat der al yn july sinjalen west hawwe dat der swierrichheden wienen. It nuvere is wol, dat dêr ferskate berjochten oer west hawwe, mar dat it Kolleezje fan DS de Steaten fan Fryslân neffens ús ynformaasje dêr net aktyf oer ynformearre hawwe. De FNP-fraksje hat it gefoel dat der amper stjoer en kontrôle is op TopDutch en stelt dêrom de neikommende fragen.
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none"> 1. Kin it Kolleezje fan DS befêstigje dat der ynterne strideraasje wie/west hat by de TopDutch organisaasje? Sa ja, sûnt wannear (hokker datum) binne jim dêrfan op de hichte? Kloppet it dat dy yn july al bekend wienen by de trije provinsjes? Hokker problemen hawwe der krekt west of binne noch oan de oarder? Kloppet it dat de deputearre fan Grinslân, as 'penvoerder', koördinearjend deputearre wie? Graach in taljochting. 2. Hoe kin it dat it, nei de earste sinjalen, leafst hast trije moanne duorre hat foardat ien fan de deputearren (Brouns) op 17 oktober 2018 in petear hân hat mei de belutsen reklame-buro's⁴? 3. Wêrom hat it Kolleezje fan DS der net foar keazen de berjochtjouwing oer de problemen by TopDutch te dielen mei de Steaten? 4. Kloppet it berjocht fan 24 oktober 2018 op RTV Noord dat it frijwol wis is dat Tesla net nei Fryslân, Grinslân of Drinte komt? Is yn de eagen fan DS dêrmei de kampanje net foar in grut part mislearre yn de oarspronklike opset? 5. Wat hawwe wol oantoanbere, hurde resultaten west fan de TopDutch kampanje, dy't dêr dan ek in streekrijocht gefolch fan binne? Yn de beskikking foar de kampanje stiet eksplisyt dat it in doelstelling is dat in lykwichtich part fan de ynvestearings en dêrmei wurkgelegenheid yn Fryslân telâne komt. Wat is dêrfan yntusken realisearre? Mei oare wurden, wat hat de € 1,35 miljoen opsmiten dy't de 4 reklameburo's opstrutsen hawwe? Hoefolle is der yntusken útjûn en wêr is dat krekt oan útjûn? 6. Hoe ferstannich is it, om yn in tige oerspande arbeidsmerk, jo op dit stuit te rjochtsjen op oare, nije bedriuwen dy't har hjir fêstigje? Sil dat net ekstra konkurrinsje opleverje yn de 'striid' om goede minsken te finen? En sille de besteande bedriuwen dy't al yn de regio fêstige binne dêr gjin lêst fan hawwe?

¹ <https://www.rtvnoord.nl/nieuws/200461/Wat-heeft-TopDutch-ons-opgeleverd>

² <https://www.lc.nl/friesland/Top-Dutch-gunt-klus-aan-ander-Tres-Heerenveen-haakt-ontgoocheld-af-23908681.html>

³ <https://www.dvhn.nl/economie/Is-er-voldoende-toezicht-op-de-miljoenen-van-TopDutch-23662516.html>

⁴ <https://www.dvhn.nl/groningen/Groninger-gedeputeerde-Brouns-geeft-TopDutch-twee-weken-tijd-voor-verzoening-23683643.html>

--	--

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) FNP, S. Posthumus
---------------	--

Datum	7-12-2018
-------	-----------